



Riedsfoarstel gemeente Súdwest-Fryslân

Underwerp	It fêststellen fan it bestimmingsplan "Omgeving Aldfeartsdyk 13 te Goënga".
Riedsgearkomste fan	5-6-2014
Kommisje	Doarp, Stêd en Omkriten
Kommisjegearkomste fan	20 mei 2014
Portefûljehâlder	G. Akkerman-Wielinga
Team	Ruimtelijke Ontwikkeling en Economische Zaken
Behanneljend amtner	G.L. de Jong

Foarstel:

1. it ûntwerpbestimmingsplan "Omgeving Aldfeartsdyk 13 te Goënga" ûnferoare" fêst te stellen;
2. fêst te stellen dat it oanbelangjende bestimmingsplan fêstlein is yn it GML-bestân NL.IMRO.1900.2013oostBPaldfea13-vast;
3. fêst te stellen dat foar de lokaasje fan de geometryske planobjekten, gebrûk makke is fan de ûndergrûn hokker ûntliend is oan de Grutskalige Basiskaart Nederlân;
4. gjin eksploitaasjeplan foar it oanbelangjende bestimmingsplan fêst te stellen.

Ynlieding:

Ynisjatyfnimmer, de hear P. Naeyé, hat it perseel Aldfeartsyk 13 te Goaijengea en de omlizzende agraryske perselen yn eigendom. It giet hjir om in gebiet fan 9 hektare. De inisjatyfnimmer wol graach de omlizzende agraryske perselen ta natuergebiet ûntwikkelje. Dêrneist wol de inisjatyfnimmer in feart tusken syn wenperseel en de Snitser Aldfeart opwurdearje ta farferbining. Foar de perselen jildt in agraryske bestimming. De niisneamde ûntwikkelings binne dêrmei yn striid omdat gebrûk oerienkomstich de bestimming nei it ta stânkommen fan de (natuer)ontwikkelings net mear mooglik is. Dêrom is der foar de niisneamde ûntwikkelings in nij bestimmingsplan opsteld.

Doel:

It bestimmingplan "Omgeving Aldfeartsdyk 13 te Goënga" fêst te stellen sadat de ûntwikkelings mooglik makke wurde kinne.

Arguminten:

Yn de gearkomste fan 24 jannewaris 2013 hat jimme ried foarearst ynstimd mei it startdokumint oangeande de ûntwikkeling. Dêrnei is troch inisjatyfnimmer in bestimmingplan opsteld. Dat plan hat yn it ramt fan de ynspraak mei yngong fan 22 maart 2013 oant en mei 18 april 2013 op besjen lein. Fan de kant fan de provinsje Fryslân is in reaksje ynkommen oangeande argeology. Dizze opmerking is yn it ûnwerp bestimmingsplan ferwurke. Fierders binne der gjin reaksjes ynkommen.

It ûnwerp bestimmingsplan hat mei yngong fan 14 febrewaris 2014 seis wiken op besjen lein. Der binne gjin sjenswizen yntsjinne. Dat betsjut dat it plan ûnferoare fêststeld wurde kin. Foar neiere ynformaasje ferwize wy jimme nei it ûntwerp bestimmingsplan dat taheakke is.

Oare mooglikheden:

Jimme ried kin beslute om it bestimmingsplan net fêst te stellen. Yn dat gefal kin inisjatyfnimmer berop ynstelle by de Ried fan Steate tsjin jimme beslút.

Risiko's:

Der binne fierders gjin risiko's.

Wetlike grûn:

Wet ruimtelijke ordening en Besluit ruimtelijke ordening

Finansjele aspekten/gefolgen:

It fêststellen fan it bestimmingsplan hat gjin direkte finansjele gevolgen

Duorsumens:

Nei't de natuerûntwikkeling plakfûn hat, moat de natuer sels de kwaliteiten jaan oan it gebiet en is it fierders in kwestje fan behear.

Ferfolchproses:

Nei't jimme ried it bestimmingsplan (ûnferoare) fêststeld hat, leit it plan noch seis wiken op besjen. No't der gjin sjenwizen yntsjinne binne, kinne allinnich belanghawwenden dy't oantoane dat hja net yn steat wienen in sjenswize tsjin it ûntwerp bestimmingsplan yn te stjinjen, berop ynstelle by de Ried fan Steate.

Kommunikaasje:

Dat sil barre troch in publikaasje yn de regionale wykblêden en de Staatscourant. Inisjatyfnimmer wurdt persoanlik yn 'e kunde brocht fan it riedbeslút.

Taheakke(n)**Meistjoere:**

- ûntwerpbestimmingsplan
- startdokumint

Op besjen:

- -

Boargemaster en wethâlders fan Súdwest-Fryslân,

drs. H.H. Apotheker , boargemaster.

drs. J. Krul , gemeentesekretaris.

Riedsbeslút gemeente Súdwest-Fryslân

Underwerp	It fêststellen fan it bestimmingsplan "Omgeving Aldfeartsdyk 13 te Goënga".
-----------	---

De ried fan de gemeente Súdwest-Fryslân;

lêzen it foarstel fan boargemaster en wethâlders d.d. 15-4-2014;

artikel 3.8 fan de Wet ruimtelijke ordening;

b e s l ú t:

1. it ûntwerpbestimmingsplan "Omgeving Aldfeartsdyk 13 te Goënga" ûnferoare" fêst te stellen;
2. fêst te stellen dat it oanbelangjende bestimmingsplan fêstlein is yn it GML-bestân NL.IMRO.1900.2013oostBPaldfea13-vast;
3. fêst te stellen dat foar de lokaasje fan de geometryske planobjekten, gebrûk makke is fan de ûndergrûn hokker ûntliend is oan de Grutskalige Basiskaart Nederlân;
4. gjin eksploitaasjeplan foar it oanbelangjende bestimmingsplan fêst te stellen.

Sa fêststeld yn de iepenbiere riedsgearkomste fan 5-6-2014



drs. H.H. Apotheker , foarsitter.



G.W. Stegenga , wnd. griffier.